

1 en 8 Juli 1983

Buerten volleybalden yn Easternijtsjerk



De twa ôfrûne freedtejûnen waard der yn Easternijtsjerk omraak oan volleybal dien. En net allinne dizze beide jûnen, mar de lêste wiken waard der hast alle jûnen op ferskate plakken yn it doarp oefene om mar goed foar de dei te kommen. Doarpsbelang hie in toernooi útskreaun foar de buertferienings. Leafst 25 ploegen út 12 buerten diene dizze beide jûnen mei. Hja waarden ferdield oer fiif poules en spilen in heale kompetysje. Nei de earste jûn kamen de twa bêste ploegen fan elke poule yn de winnersrûnde en de lêste trije fan elke poule kamen yn de ôffalrûnde. Ek no wer wiene der fiif poules en waard in heale kompetysje spile.

Dizze prachtige simmerjûn waard musikaal opfleure troch it muzykkorps UDI; guon leden fan it korps moasten om bar blaze en volleybalje, in drokke jûn dus. De stimming siet der sadwaande goed yn op it gersfjildsje fan it skoalleplein, foaral doe't it tiid wie foar de finalewedstriden. Yn de ôffalrûnde spilen De Griene Wei 4 en Doktersfiif 2 yn de heale finale, krekt wûn troch de Griene Wei 4 mei 9-8.

Yn de finale kamen hja al wer in ploech fan Doktersfiif tsjin, it earste team diskear. Ek hjirmei wist de Griene Wei 4 wol

rie. Hja wûnen dizze finalewedstriid mar leafst mei 15-8. Ek yn de finale fan de winnersrûnde spile in ploech fan de Griene Wei, it fyfde team. Hja hiene as tsjinstanner de ploech fan de Mûnewei.

Dizze wedstriid wie folle spannender en lang koe de Mûnewei goed meikomme. Mar yn it lêstoan wie it dien mei de keapman en koe Griene Wei 5 mei 17-12 mei de eare strike. Fansels giet it begrutsjen dan ek út nei de ploegen dy't sa faak ferlearen, lykas Buorfinne 2 dat yn de acht wedstriden net

ien kear wûn hat en mar efkes 80 punten mear om de earen krigen as dat hja sels makken.

Mar lykas R. Tolsma, út namme fan it doarpsbelang, by de priisútrikking al sei: takom jier wat mear oefenje en besykje om de Griene Wei dan wat mear tsjinstân te jaan.

Al mei al kin weromsjoen wurde op slagge volleybaljûnen mei moai waar, in protte folk en it protte wille. In plúmke foar doarpsbelang en de volleybalferiening dy't der yn slaggen om op fiif fjilden tagelyk spylje te litten en alve skiedsrjochters op de stoel te krijen.

Utslaggen: Poulewinners earste jûn: De Lyts Ein 1, Griene Wei 2, Ald Tún 1, Mûnewei 1 en Griene Wei 5.

Priiswinner: 1. Griene Wei 5; 2. Mûnewei 1; **Offalrûnde:** 1. Griene Wei 4; 2. Doktersfiif 1; 3. Doktersfiif 2.

Foar de spilers fan de earste twa priiswinende ploegen wiene der medaljes, it wachtsjen is op in sponsor dy't foar de kampioensbuert in wikselbeker beskikber stelt.